

# Us mem en mem fan ús allegear

FD 9-2-13

## Poëzy

troch Abe de Vries

**M**em... by wa ropt dat simpele wurd-sje net in wrâld oan emoasjes, bylden en oantinkens op? Allegear hawwe wy in mem, of in mem hân, en elk minske koesteret har, of tôget in libben lang syn of har mem yn him mei. By in dichter is dat net oars, al moatte jo al hiel wat kinne en hiel wat oandoare om in folsleine dichtbondel yn it ljocht fan sa'n universeel tema as 'mem' te setten.

Eppie Dam (De Pomp, 1953) is sa'n dichter. *Mem sjoch boi* is syn fjirtjinde bondel. Yn syn grutte oeuvre, dat in allike grut ferskaat oan soarten poezij sjen lit, ferskynt de nije publikaasje as ien fan syn meast hechte en organisearre prestaasjes, sawol tematysk as foarmtechnysk. Ut de fiif skiften mei yn totaal 56 fersen rize ûnderskate 'bylden fan mem' foar de lêzer op; 'Fertroude assosjaasjes lykas leafde en beskerming foarmje de moaie kant fan har ferhaal. Mar in mem is ek in minske, mei ûnrest en pine, post-natale en oare depresjes, blokkades, eangst om te falen', meldt it omslach.

Hoeden, as in poëtysk ferkenner, makket Dam syk-slaggen nei 'mem'. Earst yn de taal, -want alle tinken is yn taal en begjint dermei. 'Mem, mater. mamma. Mutti. mum.

maman', is de earste rigel fan de bondel. Dan, yn it twadde skift, yn de literatuer. Teksten en tinzen fan oare dichters en sjongers, fan Arthur Japin fia jiddyske poëten oant ús eigen Yva Hokwerda, foarmje hjir de ynspiraasjeboarnen. Dêrnei it tredde skift: de mem sa't se ferskine kin yn de byldzjende keunst fan ûnder mear Frida Kahlo, Egon Schiele en Joseph Beuys. Bibelske tafrielen bringt it fjirde skift. Oan 'e ein, yn it lêste skift, belûkt de dichter syn muze dan mear by syn persoanlike belibbingswrâld.

Opfallend is de foarm fan de fersen. Alle gedichten yn de bondel passe op ien side en binne opboud út kwatrinen mei, útsein yn it lêste skift, omearmjend rym: ABBA. Mei

dat omearmjend rym, wêrby't elke kear it manlik rym it froulik rym 'omearmet', jout de dichter in boadskip ôf. It giet hjir net om in memme-earm dy't it lân omklammet, mar om de earm fan in man, in soan, dy't de mem poëtysk hoedet.

### Ynjouwing

En sa ferberget de op it earste each strakke organisaasje fan de teksten wol faker de orizjinaliteit fan dizze dichter. Eppie Dam is in dichter dy't, lykas alle dichters, ek wachtet op en langet nei it poëtysk momint, de fûnk, de ynjouwing. Wa't de ambachtlik opmitsjele fersen goed lêst sil dy by 't soad oantreffe. Boppedat ferrast er ús ek yn hâldlik mannich kear, bygelyks yn it skift mei fersen dy't refe-

rearje oan Bibelske ferhalen. Yn it fers *Om Abel skriem ik* liket it fertriet fan mem Eva om har soan Kaïn grutter as dat om it ferlies fan har soan Abel. De mem fan Judas lit Dam har lok útsjonge as se swier is fan har soan. It ferrassende perspektyf dêr't Dam gebrûk fan makket, smyt orizjinele ynstekken op dy't ek foar tsjerklike rûnten ynteressant wêze sille.

It poëtysk hichtepunt fan *Mem sjoch boi* leit foar my yn de lêste ôfdieling en benammen yn de syklus oan 'e ein dêrfan, dy't de bondel syn namme joech. Hjir wurdt it omearmjend rym opjûn, as wol de dichter no net langer hoedzje en noedzje, mar him direkter útsprekke. De gedichten rjochtsje har ta in mem dy't mei 'jo' oansprut-

sen wurdt, wat de ôfstân al oanjout:

*Hy hat himsels nei syn fermogen foarme.*

*Jo witte net hoe't er as minske doarme.*

*Hij song syn lieten, foar it each sa moai.*

*Tusken de rigels altyd: 'Mem sjoch boi'!*

Dam skilderet hjir tagelyk in werkenber komôf: de húshâlding fan in feeboer op 'e klaai, it fytsen yn waar en wyn nei skoalle, it fiskjen yn 'e fear. Dêr trochhinne spylje hieltyd de reade triedden fan in swier leauwe fol sûnde- en skuldbesef en in mem dy't mear jaan kinnen en moatten hie. Of dat miskien krekt net koe.

*Mem sjoch boi* is yn in protte opsichten in foarbyldige bondel, fan in dichter dy't wit wat er kin en wat er docht en dy't ek de krigeligens en de belutsenens by de poëzij hat om elke pear jier wer mei in samling gedichten te kommen dy't sta seit. Hy kin dat dwaan, om't it skriuwen fan poëzij foar him te'n djipsten gjin idele boarterij is mar need-saak. Hiene wy mar mear Eppie's.

**i** *Mem sjocht boi. Eppie Dam. Friese Pers Boekerij, 15 euro*

## Mem sjoch boi - IV

**Sjoch him op 't hiem tsjin mosken preekjen, yn 't appelhóf God om ferjouwing smeejen. Boi bidt en tanket, lovet, priist en sjongt, wylst yn syn lyfke wat ûntsachliks bonkt.**

**Hij núndert: 'Wie heeft lust de HEER te vrezan?' Hij sil net flechtich as de**

**swellen en de mezen, en miskien falle wurden minder hurd wannear't er raven mei de ravens wurdt.**

**Mem, sjoch him krimpen ûnder deune wetsjes. Yn tsjerke, thús: it earste wurd is 'netsjes', it twadde en it tredde 'skjin' en 'kreas' -**

**God skoep de rûchte, mar de tún kaam earst.**

**En wee ast it mei túch sa nau net nimste: bepraat te wurden is it alderslimste; want lykas heit it hiem, en mem de plant, hie Adam doe it paradys oan kant.**

MEM  
SJUCH  
BOI